



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Resinsje [Review of: IJ. Botke (2002) Boer en heer. 'De Groninger boer' 1760-1960]
van der Meer, P.L.G.

published in

It Beaken
2004

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

CC BY-NC-SA

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

van der Meer, P. L. G. (2004). Resinsje [Review of: IJ. Botke (2002) Boer en heer. 'De Groninger boer' 1760-1960]. *It Beaken*, 66(2), 158-161.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Besprek

IJnte Botke (2002)

Boer en heer. 'De Groninger boer' 1760-1960. (Assen: Koninklijke Van Gorcum, ISBN: 90 232 3826 5, Groninger Historische Reeks nr. 23, geïll., met lit. opg., reg., XIX plus 725 s., € 27.-).

It ûnderwerp fan dit mânske boek is de opkomst fan 'e Grinslanner boer, syn skaaimerken en de wize dêr't er syn wichtich plak yn de Grinslanner klaaigebieten op ynnommen hat tusken 1760 en 1880. De sintrale probleemstelling fan it ûndersyk, dêr't IJnte Botke yn 2002 op promovearre is, wie de fraach hoe't, wannear't en wêrtroch't de grutte boeren fan 'e Grinslanner klaaistreken sa'n suksesfol en opfallend ferskynsel wurde koene. Dêrby is ek ûndersocht hokker selsbyld oft dy lju hiene en hoe't sy troch oaren besjoen waarden.

By dy ûntjouwing hawwe ekonomyske, politike en kulturele ynfloeden fan bûtenôf in wichtige rol spile. De rykdom fan 'e boeren wie ôfhinklik fan 'e nasjonale en ynternasjonale ekonomy. De ideeën fan 'e Ferljochting hiene ynfloed op 'e godstsjinstige opfettings en hawwe it stribjen nei politike, maatskiplike en kulturele emansipaasje oanwakkere.

Om 1760 hinne wiene de earste tekens te sjen fan 'e feroarings, dy't de Grinslanner klaaistreken te wachtsjen stiene. Fan 1760 oant 1790 waard de rykdom yn 'e lânbou stadichoan grutter, benammen sûnt de santiger jierren nei de tredde en lêste fee-epidemy. Yn 'e kustgebieten fan 'e Ommelannen waard begûn mei it yntinsiver brûken fan 'e grûn; de boeren leine har hieltyd mear út op 'e ikkerbou. Mei't de wolfeart tanaam, kaam by hieltyd mear boeren de winsk op nei mear ynfloed yn it iepenbiere libben. It Patriotisme fan 'e jierren 1780-1787 droech dêrfoar de ideeën oan, de omkear fan 1795 hat doe ek tydlik mooglikheden jûn.

In pear opfallende predikanten, dy't neist ferljochte godstsjinstige opfettings ek demokratyske ideeën ferkundigen, fungearren as paadwizer foar de boeren. Sa kaam stadichoan in mentale feroaring by in part fan 'e grutte boeren ta stân, dy't ek ynfloed hie op harren bedriuwsfiering en gefolgen hawwe soe foar de maatskiplike ferhâldings. Yn it tiidrek 1790-1820 is de wolfeart fan 'e boeren tige tanommen. Der kamen mear grutte boeren en dy namen, fanwegen de grutte fan harren bedriuw en de groei fan 'e ikkerbou, mear personiel oan. It arbeidsoanbod bleau grut genôch troch de groei fan 'e befolking op it plattelân en de rasjonalisearring fan 'e bedriuwsfiering. De boer krige dêrtroch sels mear frije tiid. Sadwaande waard de ôfstân tusken him en de arbeiders grutter. Dat wie te fernimmen by it fan inoar skaat libjen fan boeren en it ynwenjende personiel: de boeren bleaune "foar", wylst de feinten en de fammen "achter" wiene. Doe kamen ek de earste klachten oer de ôfstân tusken de boeren en harren personiel.

De omkear fan 1795 joech de boeren in kâns om in rol te spyljen yn it

iepenbiere libben. Dat plak yn de lokale bestjoeren soene sy net wer kwytreitsje. De kulturele emansipaasje fan 'e boeren krige ek in krêftige ympuls. Nei 1800 waarden nammentlik Nutsdeparteminten en lêsselskippen oprjochte, dy't wichtich wêze soene by de fierdere ûntjouwing en bewustwurding fan 'e boeren. In opfallende rol yn it noarden fan Hunsingo spile dêrby de predikant fan Eenrum, Jacobus Albertus Uilkens, in lanlik ferneamd natuerkundige, dy't natuer- en lânhúshâldkundich ûnderwiis joech oan predikanten, ûnderwizers en boeren út de (wide) omkriten. Sa ûntstie tusken 1790 en 1820 it ideaal fan 'e ferljochte, ûntwikkele en ûndernimmende Grinslanner boer, lykas Geert Reinders ien wie.

Yn it jier 1818 begûn in ekonomyske krisis. De gefolgen dêrfan waarden noch slimmer troch natuerrampen. Nei 1835 wie de krisis wer oer. It modernisearingsproses wie der al troch fertrage, mar wie der net troch beynfloede. De krisis hie wol de ûnfrede fan de boeren oer de polityk fan Willem I wekker makke en dat hie in posityf effekt op 'e politike bewustwurding. Nei 1835 bloeide it genoatskipplibben wer op. Der waarden gâns nije genoatskippen oprjochte, dêr't de boeren in wichtich plak yn hiene.

De wiziging fan 'e grûnwet yn 1848 betsjutte de folsleine politike emansipaasje fan 'e grutte boeren. It liberalisme, dêr't sy dy emansipaasje oan te tankjen hiene, waard mei dêrtroch ien fan harren skaaimerken. It jier 1848 wie it begjin fan 'e gouden tiid fan 'e Grinslanner boeren; it tiidrek fan 1848 oant 1878, dat letter "de sjampanjiejierren" neamd waard. De rykdom waard sichtber troch it bouwen fan hieltyd moaiere wenhuzen en de oanlis fan siertunen. Yn dy tiid naam de grutskens op 'e eigen maatskiplike betsjutting en posysje ta en dat late ta in gruttere belangstelling foar it eigen ferline.

Nei 1880 wie de goudene tiid fan 'e Grinslanner boer foarby, mar dêrnei kaam noch in lang skoft fan neibloei, dat in trijefearnys ieu oanhâlde soe en pas oan 'e ein fan 'e fyftiger jierren fan 'e foarige ieu op 'e ein rûn.

De ûntjouwing fan 'e boeren yn 'e Grinslanner klaaigebieten tusken 1760 en 1880 makke diel út fan it modernisearingsproses dat yn 'e selde snuorje yn Nederlân plakfûn. Dat fernijingsproses waard droegen en rjochting jûn troch de ûntwikkele boargerij. It opfallende en skaaimerken fan 'e ûntjouwing fan 'e Grinslanner grutte boeren is, dat sy de opfettings en idealen fan dy boargerij as foarbyld nommen hawwe. Omdat sy harsels de libbensstyl fan 'e boarger oanmetten hawwe, foarsafier't dy te ferienigjen wie mei har bedriuw, kin dy modernisearring ek as ferboargerliking oantsjutten wurde.

De gefolgen wiene oeral te fernimmen. De modernisearring beynfloede net allinnich de bedriuwsfiering, dêr't rasjonaliteit en feroaringsgesindheid de klam by krigen, mar ek de godstsjinstige opfettings en de politike belangstelling fan 'e Grinslanner boeren. De modernisearring feroare de lêskultuer en stimulearre it ûntstean fan genoatskippen en klubs. Alle aspekten fan it deistich libben waarden dêrtroch rekke, fan 'e ynrjochting fan wennings oant klean en ytgewoanten.

De Grinslanner akademy hat grif in wichtige rol spile yn dat modernisearingsproses, benammen yn it tiidrek 1760-1825. Yn 'e twadde helte fan 'e

achtjinde ieu waard nammentlik oan 'e Grinzer universiteit eksperimintearre mei it intsjen fan it fee en waard lânbou-gemy dosearre. Fan noch grutter belang wie it feit dat dêr in grut tal predikanten oplaat waard, dy't harren mear of minder ferljochte religieuze en steatkundige opfettings as plattelânspredikanten útdrage soene. Fan 1815 ôf waard yn Grins lânhúshâldkunde dosearre en boppedat waarden yn 'e rin fan 'e 19de ieu hieltyd mear dokters oplaat, dy't hieltyd mear de rol fan folksopfieders op it plattelân op har namen.

By de opset fan it ûndersyk nei de Grinslanner boer hat Botke him beheind. Hy hat benammen omtinken jûn oan 'e boeren yn it Ommelanner klaaigebiet, dêr't om 1800 hinne al in protte rike boeren wennen. Yn dat part fan it Grinslanner plattelân binne de ferljochtingsideeën it earst en it djipst trochkrongen. Dêr fûnen de earste ynintings fan it fee plak en dêr krige it Patriottisme de measte oanhingers. Boppedat wiene dêr in protte lêsselskippen en waarden der ek de earste Nutsdeparteminten oprjochte. Dêr waard aksje fierd foar it ynfieren fan proteksjonistyske maatregels en sieten de earste oanhingers fan it liberalisme. Dêr begûn it modernisearingsproses, dat bepalend west hat foar it ûntstean fan 'e 'Grinslanner boer'.

De oare beheining dy't Botke oanhouden hat, is it feit dat guon persoanen by it ûndersyk in sintraal plak krigen hawwe. It binne leden fan in pear foar-oansteande boerestagen, mei har sibben, freonen en liedslju. In wichtich plak wurdt yn it ûndersyk ynnommen troch de famylje Teenstra. Dat boerelaach hat generaasjes lang in foarlûkersrol hân, dy't begûn mei Marten Aedsges, de Fries dy't him yn 1776 te Zuurdijk nei wenjen sette en him dêr ûntjûn hat ta in foarútstribjende en suksesfolle boer. Syn soannen Douwe en Aedsges Teenstra bediken oan 'e ein fan 'e achtjinde ieu it Ruigezand yn 'e mûning fan it Reitdiep en bouden dêr twa monumintale pleatsen.

De fraach dy't no steld wurde kin – en dat docht Botke sels ek – is yn hoefier't it keazen gebiet as represintatyf foar de hiele Grinslanner klaaistreek beskôge wurde kin. Dat is dus ek net it gefal: der binne ferskillen mei it lege greidegebiet om de stêd Grins hinne, en folle betiizjender en yngewikkelder is noch it ûnderskied mei it Oldambt. Al yn 'e achtjinde ieu wie it Oldambt in ryk lânbougebiet mei grutte bedriuwen en hie it minder lêst fan 'e feepest as de Ommelannen. De boeren yn it Oldambt wiene yn 'e twadde helte fan 'e achtjinde ieu tradisjoneler op it mêd fan 'e godstsjinst en polityk as dy yn it Ommelanner klaaigebiet. De persoanen dy't útkeazen binne, wiene likemin represintatyf foar de grutte boeren fan it hiele Grinslanner klaaigebiet. De boeren dy't sintraal steane, wiene opfallend ûndernimmend en ambisjeus. Boppedat wiene it benammen dykboeren, eigners fan bedriuwen efter de seedyk, mei hege, fruchtbere savelige lannen, gaadlik foar sawol ikkerbou as feetylt.

Botke seit dat boeren lykas de Teenstra's foaroprinders wiene, dy't de feroarings op it plattelân fierhinne bepaald hawwe. It grutste part fan 'e agrariërs, ek dy mei lytsere bedriuwen en minder middels, hat it foarbyld fan 'e Teenstra's neifolge as dat mooglik wie: net allinnich wat bedriuwsfiering oanbelanget, mar ek har libbensstyl en opfettings. Sy kinne neffens Botke as

rjochtingjouwers beskôge wurde en meie om dy reden karakteristyk neamd wurde foar de ûntjouwing dy't de begoedige Grinslanner boerestân trochmakke hat. Ik kin my dêr wol yn fine, mar dan hied Botke om my de ûndertitel fan syn boek ek oanpasse moatten. Sa't it der no stiet, wurdt de lêzer yn earste ynstânsje op 'e doele brocht en liket it oft it boek oer de Grinslanner boeren oer it generaal giet.

De skriuwer hat besocht om safolle mooglik aspekten fan it libben fan 'e Grinslanner boeren te ûndersykjen. Dat grut tal aspekten hat ek ynfloed hân op 'e opset en foarm fan syn boek. Yn alle haadstikken komme yn wikseljende folchoarder tema's lykas lânbou, polityk, godstsjinst en beskaving, de rol fan 'e akademy en it ûntstean en belibjen fan 'e eigen identiteit oan 'e oarder. Persoanen, sitewaasjes en barrens wurde somtiden fan ôfstân, dan wer fan hiel tichteby besjoen en beskreaun. Troch dy perspektyfwiksel en it hieltyd ynzoomen op haadpersoanen en it swaaien fan 'e kamera, krijt de lêzer yndied it effekt, sa't Botke it sels omskriuwt, as dat er nei in oanienskeakeling fan losse fideoklips sit te sjen. Dy perspektyfwiksel gie my wolris te stoef: ik hie by it lêzen bytiden it gefoel dat ik nei de tillevyzje siet te sjen, wylst ien fan 'e bern oan it zappen wie...

Ijnte Botke hat likegoed in kreas en deeglik boek skreaun. Hy hat knap gebrûk makke fan toanielstikken en (streek)romans om de *couleur locale* wer te jaan en is sa kaam ta in analyze fan it libben fan 'e Grinslanner boeren, fan harren mentaliteit en fan harren omgong mei it personiel. It boek is kreas útjûn, mei prachtige yllustraasjes. In minpunt achtsje ik dat dêrby net ien kaart fan Grinslân ôfprinte is. En dan noch ien ding: yn de tekst binne in soad ferskes, rymkes, grêfskriften en gedichten opnommen. Ik fûn dat nochal steurend. As der dan al mear as de 145 ferskes en rymkes dy't ik teld haw yn stean moatte, dan hie Botke om my ek noch wol in plakje frijhâlde kind foar in tekstfragmint fan Ede Staal, dy't it *Hogelaand* sa moai besongen hat.

Peter van der Meer (Fryske Akademy)

Pieter Breuker, Jan-Pieter Janzen e.o. [red.] (2003)

De fiifde woansdei: 150 jier PC, 1853-2003. (Frjentsjer: Uitgeverij Van Wijnen, ISBN: 90 5194 257 5, yll., 296 s., € 29,50).

Steane muontsen út Pikardië oan 'e widze fan it keatsspul, dat him sûnt de ein fan 'e tolfde ieu stadichoan oer Europa ferspriede soe? Guon histoarysy sette dy geastliken foaren oan by it begjin fan de keatssport. Ek yn in bydrage yn it boek *De fiifde woansdei: 150 jier PC, 1853-2003* wurdt nei de muontsen ferwiisd. Auteur Pieter Breuker sil grif te seil gien wêze op it standertwurk fan de Dútske histoarikus Heinz Gillmeister. Lykwols kin út de foarbylden út dat boek net ôflaat wurde, dat muontsen dêryn behelle wiene. It sil earder om kapittelgeastliken gean. Dy foelen ûnder in wat rommere gelofte as muontsen. By de lêstneamden wie gjin plak foar útskroevene ferdiveadaasje.